

# Kritelûd



*15 maart 2025*

*Fan hûs en hiem  
fan'e Lytse Komeedzje  
en opheffingsgearkomste  
yn de Schalle*



1919 SJOUKE KOOPMANS MODE MEPEL 2019

LEXIS notarissen 


Meppel Brouwersstraat 8 0522 25 28 50

[www.lexisnotarissen.nl](http://www.lexisnotarissen.nl)  
notariaat / estate planning / echtscheiding

# FRYSK SELSKIP "WALING DYKSTRA" MEPPEL E.O.

OPRJOCHTE 24 FEBREWARIS 1924

Foars.: Ludzer v.d. Schors    Pongh.: Edzer Kooistra  
Veendijk 37                      Logten 13  
7971 RP HAVELTE                8431 KR EASTERWALD



**Waling Dykstra**  
gipsgravure fan  
Pier Pander

Lid fan it Frysk Boun om Utens

## *Fan'e foarsitter*

Op 18 jannewaris om 15:30 oere nimme Sippy Tigchelaar en Janke Schurink-Wynstra ús mei oan board en fertelle se "Verhalen Boven Water" út it boek dat Sippy skreau mei Alice Booij. Wy kinne Sippy faaks better as hurdrydster, mar ek hjir docht se mei oan de top. Nei oerliz mei beide dames begjinne wy mei it "Frysk bloed tsjoch op". It is hjir alhiel op syn plak.

Meastentiids sit ik net om wurden ferlegen, mar hjir spande it der om. Der siet ek in bytsje yn fan it lytse jonkje fan 1942. It ferhaal oer it jonkje, dat trije jier âld syn Heit misse moast en dêr't de earste wurden yn it wurdboek wiene: "mei oanpakke". De grutte húshâlding op it lytse roefskûtsje. Mei in Mem dy't yn'e sile rûn, mar ek it skip op koers hâlde, te mets de baas wie yn'e húshâlding en foar it iten soarge. en de boekhâlding die. Der sieten oerienkomsten tusken boerespûltsjes en de skûtsjes. Ek hjir driuwt alles op de Mem. It giet net om it "ik", mar om "ús". Je moasten op eigen fuotten stean, je sels rêde en gjin minsk nei de eagen sjen hoege. In gefoel fan skamte bekrûpt jin as je om je hinne sjogge nei de ferpamperde wrâld dêr't "de hân ophâlde it grûtste goed te wêzen liket. En as it grutte wurd it net rêde kin begjint it rebeljen. Moai dat it wetter yn'e eagen grutspraak yn'e stokken hâlde kin.

Nei Sippy komt de Jiergearkomst. It wurd is oan de leden. Hoe moat it fierder mei de Krite?

It bestjoer sjocht de bui hingjen, mar de leden binne de baas. Oan alles komt in ein. Sa ek hjir. Wurdt it allegeare net wat te lyts en te smel? Kin it hântsjevol leden noch genôch jild op it kleed lizze om trije goede programma's del te setten? Sitte dêr ek genôch minsken tusken dy't iepen plakken yn it bestjoer opfolje wolle en kinne? Dan is der ek noch de fraach hoe tsjinje jo it Frysk it bêst. Wy drage de namme "Waling Dykstra", de skriuwer by útstek yn 'e folkstaal. Dy't soarge hat dat der geef frysk sprutsen wurdt yn alle lagen. As men dat ûnderskriuwt dan tinke wy dat wy jimme de lêste jieren in moai programma foarset ha en dat de kritejûn in thús wie.

It jild wie op mei it Breamiel yn jannewaris. Wy soene noch ôfslute kinne mei: "in hapje en een drankje". Dêr past it hollânsk moai by. Yn it Frysk heart it krinterich.

It Nijjersprogramma waard ôfsluten mei it Breamiel.. Neffens my binne wy begûn mei €12,50. Dêr siet dan ek noch de kofje en in nijjersslokje by yn. Troch alles mei mekoar te dwaan ha wy de priis altyd gelyk hâlde kind. Tank foaral ek oan dames Trijnie Wind en Thea Koopmans (fierder op fine jo it resept foar it grientesop fan ús Mem)

Op **15 maart 2025** spilet foar ús it toanielselskip Lytse Komeedzje út Drachten de komyske thriller "Fan Hûs en Hiem"

Ludzer van der Schors,  
foarsitter

## *Fan hûs en hiem*

*fan toanielferiening "Lytse komeedzje"*  
*15 maart yn De Schalle*

Kees en Marja binne al jierren troud. Marja fermakket har thús wol, Kees hat in dream. Hy wol hiel graach in kemping yn it bûtenlân begjinne. Der is in bulle jild foar nedich, lokkich hawwe se in frijsteande jierren 30 wenning. Alleast dat tinke se oant Marja har suster Anouk ynienen by harren op de stoepe stiet. Dan is it dien mei de rêst en barre der fremde foarfallen lykas ynbrekkers, bysûndere makelders ensafuorthinne.



## Lytse komeedzje út Drachten spilet:



In komyske thriller fan Karin Zweers

### *Mear ynformaasje*

It toanielskip hat in eigen side op Facebook.

### *Datum en plak*

Datum: sneon 15 maart 2025, 20:00 oere jûns.

Plak: Doarpshûs "De Schalle", Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen, till. 0522 - 491422.

Yntree (ynklusyf 3 konsumpsjes): € 6,50 foar leden, € 16,50 foar net-leden.

### *Ferfier*

As der minsken binne dy't it ferfier wat nuodlik fine, dan graach by it bestjoer melde. Lyksa wurde minsken socht dy't helpe wolle by it ferfieren fan leden.

# *Ledegearkomste*

## *opheffingsgearkomste 15 maart 2025*

### *om 19:15 oere*

1. Iepenjen en wolkom om 19:15
2. Utstel ta ûntbining fan de feriening  
**It bestjoer stelt út, de Fryske Krite “Waling Dykstra” te Meppel per 1 maaie 2025 te ûntbinen.**  
 Dit is de formele befêstiging fan wat op de jiergearkomste fan jannewaris besluten is.
9. Sluten om likernôch 19:45

## *Taljochting op de opheffing fan de krite*

### **Beslútfoarming**

Der is gjin betingst op it oantal leden dat bywêzich wêze moat. Foar in jildich beslút is in gewoane mearderheid nedich.

### Haadkarbrief Kêst 14

In beslút ta ûntbining fan de krite kin allinne op útstel fan it bestjoer of op syn minst de helt fan de leden troch in, allinne ta dit doel útskreaune A.G. nomd wurde.

As tsien of mear leden harren stim tsjin de ûntbining útbringe kin de krite net ûntbûn wurde. By ûntbining fan de krite ferfalle de eigendommen dêrfan oan it Frysk Boun om Utens.

### Húshâldlik Karbrief Kêst 10

Oer alle útstellen, útsein dy ta it beneamen fan eareleden, feroaring fan de grûnslaggen, of ûntbining fan de krite, wurdt by folsleine mearderheit fan stimmen besletten. Oer saken wurdt mûnling of skriftlik stimd neffens beslút fan de foarsitter. Oer persoanen wurdt skriftlik stimd.

Oer persoanen ...[hjiir net fan tapassing]... wa't keazen is.

As by stimming oer saken likefolle stimmen foar as tsjin útbrocht binne, wurdt oannomd, dat it útstel ôfstimd is. As oer in útstel net ien fan de oanwêzige stimrjochtige leden stimming winsket, wurdt rekkene, dat it útstel mei algemiene stimmen oannomd is.

Stimbriefkes, dêr't net dúdlik út de bedoeling fan de stimmer blykt, dy't in oantsjutting fan de stimmer befetsje, in tafoeging of byskrift fan de stimmer yn hâlde of ûnbeskreaun werom jûn binne, wurde as fan ûnwearde beskôge.

## **Bestjoerssitten**

Der wiene fragen oer it ôfgean fan bestjoersleden. Nei in sit fan trije jier giet in bestjoerslid regulier ôf. En is fuort wer ferkiesber foar in nije termyn. Omdat de lêste jierren gjin nije bestjoersleden beskikber wiene, hawwe de jiergearkomsten de sittende bestjoersleden hieltyd wer op'e nij beneamd. Sjoch de kêsten 12 en 14 fan it Húshâldlik Karbrief.

# *Oantekens gearkomst 18-1-2025*

Ferslach fan de Algemiene Ledegearkomste op 18e fan foarmoanne 2025 yn de Fermanje

1. **Iepenjen en wolkom** om 17:36 oere.
2. **Oantekens 20-1-2024**: eltsenien is it der mei iens
3. **Ynkommen en útgien**: oankundigings fan it FBoU en reklame.
4. **Jierferslach 2024**: wurdt goekard.
5. **Jierrekken 2024**

De kaskommisje (Reinie Mennens en Anneriek Koopmans) is akkoart, de ponghâlder wurdt ûnder rju tanksizzing ûntlêstige foar 2024. Reinie en Anneriek sille de taak fan rekkenopnimbers ek foar de einrekken yn maart op har nimme.

## 6. **Begrutting 2025**

De begrutting foar 2025 giet oant 1 maaie ta. Omdat der nei alle gedachten noch mar twa jûnen binne, ferwachtet de ponghâlder dat 15 euro kontribúsje foar 2025 genôch binne. Twa leden twivelje der oan dat it genôch is. De gearkomst nimt lykwols it útstel fan de ponghâlder mei algemiene ynstimming oan.

## 7. **Feriening opheffe of net**

Wy ha no noch 40 leden, it jild is sawat op, wy kinne yn maart noch ien kear wat dwaan, en dan soe ek it doek falle moatte. Nije bestjoersleden binne ek net te ferwachtsjen.

It oanbod fan guon noch wol wat "hand- en spandiensten" te ferrjochtsjen is moai, dat hâldt de feriening net op folle krêft draaiend. Ek de suggestje jin te beheinen ta in kofjemiddei ienris jiers wurdt net sjoen as in folweardich kritelibben.

It útstel om de feriening dochs op te heffen wurdt mei algemiene

stimmen oannommen. De formele ûntbiningsgearkomste sil op de kritejûn yn maart hâlden wurde.

#### 8. **Aljemint / omfreesjen**

Der binne fragen oer it argyf. Der hat yn it ferline in grutte doaze mei argyfstikken west, wêr is dy keard? In part is by de skriuwer. Der moat noch oer neitocht wurde: giet it argyf (foar in part digitaal) nei Stifting Oud Meppel ta of is it Tresoar yn Ljouwert (eartiids it FLMD) in gaadliker plak? De besittings soene netffens Karbrief ferfalle oan it Frysk Boun om Utens, mar it is de fraach oft dat noch doel hat. Der wurdt frege om in eksimplaar fan de Karbrieven. Elts lid kin dy opfreesje by de skriuwer.

#### 9. **Sluten om 19:24**

De foarsitter tankt jitrisk de redaksje fan it Lustrumboek foar harren ynset. Der wiene 21 leden, likernôch fjouwer persoanen hiene yn it foar ôfsein

## *Boeken en oar guod*

### *Boeken*

Wy ha noch in steapel Fryske boeken, dy't meinommen wurden koene foar ien euro. Gryp jim lêste kâns en nim se mei.

### *Tafelkleden en borduursels*

Ien fan ús leden hat urven en dêr ôfgrysluk moaie tafelkleden, doekjes, serfetsjes en noch mear fan sok guod fan oerhâlden. Dy binne fiersten te goed om wei te smiten, mar passe net yn it konsept fan de "kringloopwinkels". Gryp ek hjir jim kâns en nim mei, wat jim moai fine.

### *Grientesop fan ús Mem*

Hjir giet it net foaral om wat der yn moat, mar mear om wat der net yn mei.

Foar earte brûkt men selderij, de knol en it grien. Foar grientesop mei dat perfoast net. Dêrfoar brûke jo "Petroseleum crispum", dat is gewoane piterseelje. Foaral de lêste pear jier kin men yn de sûpermarkt allinne mar mear selderij fine. In ûnske piterseelje is like djûr as in kilo selderij. Sa smakket alles op earte. "Mar it is wol goedkeap".



**Resept**

1 pakje “Honig Juliennesoep”

Eartiids die ik twa, mar der sit ek al selderij yn.

1500 ml kâld wetter

125 gr eigen sopgriente \* In moai hânfol piterseelje, blomkoal, sipel, prei, stikje woartels, tusearten, paprika – moai fyn snien.

150 gr sobaltsje heal om heal \* As jo wolle kinne jo de sobaltsjes mei in sipeltsje efkes oanbakke yn'e koekepanne en dan ôfblusse mei in kopke wetter.

50 gr Honig vermiselli.

Mei kâld wetter opsette en oan'e soad bringe. It mei net siede, dan giet de smaak der ôf.

Leafst de jûns fan te foaren. It moat efkes tiid ha om te tinen en op smaak te kommen.

## *Fan de bestjoerstafel*

### *Kontribúsje 2025*

Eltsenien dy't op 1-1-2025 lid wie moat €15 betelje, lykas besluten is op de jiergearkomste. Dejingen dy't it noch net dien hawwe wurdt frege, dat rap te dwaan, sadat wy de finânsjes rûn krije en de bestjoersleden net persoanlik opkomme moatte foar oerbliuwende kosten.

**kontribúsje 2025**  
**€15**  
**betelje foar 1-4-2025**

### *Kontribúsje 2024*

Fansels is eltsenien, dy't noch fergetten hat, de €25 kontribúsje oer 2024 te beteljen, fan herte útnoege om dit ek noch te dwaan.

# *In leaf lyts boekje*

## *Ryp en Grien*

Op it jubileum is it boekje “100 jier Krite Waling Dykstra yn Meppel” prissentearre. Der binne grif noch minsken dy’t in ekstra eksimplaar ha wolle foar bern, freonen en buorlju. Ek ús susterkrite kinne noch neibestelle, fansels.



In lyts leaf boekje: 100 jier Krite Waling Dykstra (yn kleur)  
By ús te keap foar € 15. Ek te keap by útjouwerij Elikser fan Jitske Kingma.  
[www.elikser.nl/webshop/](http://www.elikser.nl/webshop/)



**Meppel**  
**Heerenveen**  
**Sneek**  
**Drachten**  
**Emmen**  
**Zwolle**

En 24 uur per dag  
Pasveeronline.nl

**BINNENKORT IN ONZE SHOWROOM**

# DE NIEUWE MITSUBISHI OUTLANDER PHEV



**OUTLANDER  
PHEV**

RIJKLAAR VANAF  
**€ 51.990**

**8 JAAR** | **DAT IS**  
**GARANTIE** | **MAKKELIJK**  
**KIEZEN**

Het avontuur gaat beginnen! Vanaf maart kun je de nieuwe Mitsubishi Outlander PHEV komen bewonderen én testen. De SUV met een unieke combinatie van stijl en innovatie, inclusief 8 jaar garantie voor zorgeloos rijplezier. Wij begroeten je graag.



## **Autobedrijf Jubbega B.V.**

**MEPPEL** • Blankenstein 520 • T. 0522 - 24 25 25

**[meppel.mitsubishi-motors.nl](http://meppel.mitsubishi-motors.nl)**

All-in rijklaar consumentenadviesprijs inclusief btw en bpm, leges, registratiekosten, recyclingbijdrage en alle andere overheidsheffingen, exclusief metallic lak. Afbeeldingen kunnen afwijken van standaardspecificaties, wijzigingen en drukfouten voorbehouden.

Brandstofverbruik: 0,8 l/100km. CO<sub>2</sub>-uitstoot: 18 - 19 g/km. (WLTP)



SELSKIP “WALING DYKSTRA”  
MEPPEL E.O.

---

**KONTAKTADRES:**

Veendijk 37, 7971 RP HAVELTE  
walingdykstra@kpnmail.nl  
www.walingdykstra.frl

**BESTJOER:**

**Ludzer van der Schors,**

foarsitter

Veendijk 37

7971 RP HAVELTE

till. 0522 – 49 23 63

e-mail:

l.vander.schors@hetnet.nl

**Edzer Kooistra,** 1e ponghâlder

De Logten 13

8431 KR Easterwâld

till. 06 – 44 86 07 35

**Leny Altena,** karkommisje

Bezettingslaan 78

7943 CN MEPPEL

till. 06 – 52 69 73 40

**Romke E. Egbers,** skriuwer

post: sjoch it kontaktadres

till. 00 - 49 - 4839 - 953 952 1

e-mail: walingdykstra@kpnmail.nl

**Menno Fleischer,** 2e ponghâlder

Grote Oever 156

7941 BJ Meppel

till. 0522 - 859233

**Aldert Huisman**

(gjin bestjoerslid)

Prins Hendrikkade 197

7941 MD Meppel

Kritelûd

Kopij nei:

walingdykstra@kpnmail.nl

of per post:

Veendijk 37, 7971 RP

Havelte

BANK fan de Krite

IBAN: NL35 RABO 0341 8122 93

BIC: RABONL2U

op namme fan “Waling Dykstra”

Keamer fan Keaphannel: 04061102

IS JO BUORMAN AL KRITELID?